

# Eksamenprogramma Fryske taal en kultuer hafû/twû

## It eineksamen

It eineksamen bestiet út it sintraal eksamen en in skoaleksamen.

It eksamenprogramma bestiet út de neikommende domeinen:

|          |                                  |
|----------|----------------------------------|
| Domein A | Lêsfeardigens                    |
| Domein B | Mûnlinge taalfeardigens          |
| Domein C | Skriuwfeardigens                 |
| Domein D | Literatuer                       |
| Domein E | Fryske taal en kultuer           |
| Domein F | Oriïntaasje op stúdzje en berop. |

### It sintraal eksamen

It sintraal eksamen slacht op domein A.

De CEVO stelt it oantal en it tiidrek fan de sittings fan it sintraal eksamen fêst.

De CEVO makket, as dit nedich is, in spesifikaasje bekend fan de eksamenstof fan it sintraal eksamen.

### It skoaleksamen

It skoaleksamen slacht op:

- de domeinen E (útsein it kursivearre diel) en F, en op syn minst twa domeinen út de domeinen B, C, D en E (it kursivearre diel);
- as it foechhawwend gesach dêrfoar kiest: it domein A, dêr't it sintraal eksamen op slacht;
- as it foechhawwend gesach dêrfoar kiest: oare fakûnderdielen, dy't per kandidaat ferskille kinne.

## De eksamenstof

Domein A: Lêsfeardigens

1. De kandidaat kin fan Frysk skreaune artikels en ferslaggen:
  - de haadgedachte fan in tekst(gedielte) oanjaan;
  - relaasjes tusken dielen fan in tekst oanjaan;
  - konklúzjes lûke oangeande yntinsjes, opfettings en gefoelens fan de auteur;
  - stânpunten en arguminten werkenne en ûnderskiede.

## Domein B: Múnlinge taalfeardigens

### **Subdomein B1: Harkfeardigens**

2. De kandidaat kin fan in betooch of fan in útiensetting yn it Frysk:
  - de haadgedachte fan de tekst of tekstgedielten ûnder wurden bringe;
  - opfettings en gefoelens fan de sprekker beneame;
  - stânpunten en arguminten werkenne en ûnderskiede;
  - it publyk dat de sprekker foar eagen hat en it sprekdoel beneame.

### **Subdomein B2: Sprekfeardigens**

3. De kandidaat kin bemachtige ynformaasje adekwaat yn it Frysk presintearje mei it each op doel en publyk en dêrby stânpunten en arguminten ûnder wurden bringe.

### **Subdomein B3: Praatfeardigens**

4. De kandidaat kin yn in petear yn it Frysk adekwaat:
  - ynformaasje freegje of jaan mei it each op doel, publyk en petearfoarm;
  - reagearje op bydragen fan harkers of peteardielnimmers.

## Domein C: Skriuwfeardigens

5. De kandidaat kin adekwaat yn it Frysk:
  - skriftlike ynformaasje freegje en jaan;
  - bemachtige ynformaasje skriftlik presintearje, hâldt rekken mei it doel en publyk en kin dêrby stânpunten en arguminten ûnder wurden bringe of utering jaan oan gefoelens;
  - in ferslach skriuwe.

## Domein D: Literatuer

### **Subdomein D1: Literêre ûntwikkeling**

6. De kandidaat kin beârgumintearre ferslach útbringe fan de lêsunderfinings mei in oantal troch himsels selektarre literêre wurken. De wurken binne oarspronklik skreaun yn it Frysk.
  - \* Minimumoantal: hafû 6; twû 9 dêr't minimaal 3 fan foar 1945 binne.

### **Subdomein D2: Literêre begripen**

7. De kandidaat kin literêre tekstsoarten werkenne en ûnderskiede, en literêre begripen hantearje by de ynterpretaasje fan literêre teksten.

### **Subdomein D3: Literatuerskiednis**

8. De kandidaat kin in oersicht jaan fan de haadlinen fan de Fryske literatuerskiednis en de lêzen literêre wurken pleatse yn histoarysk perspektyf.

Domein E: Fryske taal en kultuer

**Subdomein E1: Fryske taal**

9. De kandidaat kin:

- haadlinen oanjaan fan de histoaryske ûntwikkeling fan de Fryske taal;
- foarbylden jaan fan taalferoarings en ynterferinsjes;
- de hjoeddeiske posysje fan de Fryske taal as minderheidstaal yn de regionale, de Nederlânske en Europeeske maatskippij ûnder wurden bringe;
- de rol en de maatskiplike betsjutting fan de Fryske taal yn it iepenbiere libben beskriuwe;
- *beärgumintearre ferslach útbringe fan de stúdzje nei of ûnderfinings mei in taalkundich ferskynsel yn Fryslân.*

**Subdomein E2: Fryske kultuer**

10. De kandidaat kin:

- (oan de hân fan foarbylden) in oersicht jaan fan ûnderskate Fryske kultueruterings;
- *beärgumintearre ferslach útbringe fan de ûnderfinings mei in oantal Fryske kultueruterings.*

Domein F: Oriïntaasje op stúdzje en berop